

Liuwe H. Westra

preek Keningsdei 2015

lêzing: 1 Samúel 8

preek

Gemeente fan 'e Hear,

Wy hawwe allegear lytse bern west, en alle lytse bern wurde grut yn in húshâlding, hast altyd mei mear bern om 'e tafel. Dan kin it net oars, of wy hawwe wolris tsierd en hottefile oer klean, boartersguod, fytsen, keammerkes. Hy boarte mei myn Lego, se hie myn sokken oan! Mem, hy gong op myn fyts it doarp yn! It is myn keammerke, dêr mei sy net komme! Foarhinne koe in heit dan noch wolris mei de fûst op 'e tafel slaan? Dyn keammerke? Dyn fyts? Yn dit hûs is hielendal neat fan dy. Alles yn dit hûs is fan my! Want heit brocht it jild yn

Sa wie yn âlde tiden ek it keningskip. De kening hie it lân yn eigendom, en koe dêrmei dwaan en litte wat er woe. Alles wie fan him, en hy makke de regels. Sa 't it himsels útkaam. Seach er in moai stik lân, in moai hynder, dan wie dat fan him. Hied er ferlet fan sinten, dan wie jo jild fan him. Sterke jonges wiene fan him, en kamen yn it leger. En kreaze fammen – Samúel hat it oer húshâldlik wurk en itensieden, mar wy witte allegear dat der foar kreaze jonge fammen oan it hof fan 'e kening ek oar emploai wie. Want alles en iderien wie fan him.

Us keningskip is oars, en dêr meie wy bliid om wêze. By ús makket de wet de kening, de kening makket net de wet. En de wichtichste funksje fan 'e kening is, dat er soms in bytsje bystjoere kin, as de keazen machthawwers tefolle har eigen belang en de koarte termyn foar eagen hawwe. Dan kin in kening sizze: Wachtsje eefkes, dy funksje dy'tsto hast, de wetten dy't hjir jilde – dy binne net fan dy en foar dy, dy binne fan ús meiinoar – en dêrom stiet myn hanteken derûnder. En by dy hanteken stiet noch altyd de âlde ferwizing: Kening by de graasje Gods. Want ek de kening hat it lân net. Hy kriget it keningskip fan God.

Dat is neffens my gâns bibelsker ynfolging fan it keningskip. Want yn 'e Bibel is mar ien kening, en dat is God sels. En tsjin elke kening seit God: Hoesa, dit is dyn lân, dyn minsken, dyn rykdom? Alles wat jim hawwe, dat hawwe jim krigen. It is fan my foar jim. En jim hawwe it krigen, om der meiinoar fan te libjen.

God is de Kening, fan wa 't alles is, mar dy 't neat foar Himsels hâldt. Sa 't ek de heit út it begjin fan dit ferhaal gjin tiran is. As er eefkes neitocht, dan wist er mâle skoan, dat alles meskien fan him wie, mar mem soarge dat it iten alle dagen klear stie, en dat elk skjien en hiel op strjitte kaam. It wie ien systeem, en neat wie fan ien allinnich. En dat er soms mei de fûst op 'e tafel sloech, dat wie om in ein te meitsjen oan it gebongel fan lytse bern dy 't miene dat se allegear har eigen lytse stikje hawwe.

Sa is it goed om te betinken dat wy in Kening hawwe. Want as it derop oankomt, wolle wy allegear keninkjes wêze, binne wy allegear krekt gelyk as de minsken dy 't yn De Haach sitte.

Noch altyd lytse bern. Dit is fan my, en dêr meisto net oan komme! De grutte Kening jout ús yndied de romte om meiinoar ôfspraken te meitsjen en de dingen te ferdielen. Krekt sa't er Israel in kening kieze lit neffens de wizânsje fan dy dagen. Allinnich soms moat Er eefkes mei de fûst op tafel slaan: dat wy net ferjitte dat alles by einsluten fan Him is, en dat wy it net allinnich foar ússels krige hawwe, mar foar de hiele mienskip sa't dy him om ús hinne mar oppenearret.

Der is in grins oan ús ôfspraken, ús wetten, ús regels, ús eigendom. Wy meie dermei wurkje, omdat wy net oars kinne, en omdat God ús dy frijheid gunt. Mar by dy frijheid heart de ferantwurdlikheid. As troch ús regels en ôfspraken minsken oan 'e krapperein komme of slimmer, dan binne wy op 'e doele.

Goed dat it ien kear yn it jier Keningsdei is.

Amen.